

RAAD
3 juli 2014
Motie raadsbreed AANGENOMEN

Moasje oangeande Wymûnen

De ried fan Ljouwerteradiel byinoar yn de iepenbiere gearkomste fan 3 july 2014,

Yn berie nimmend dat

- * provinsje Fryslân foar 1-1-2015 in beslút nimme moat oangeande de realisaasje fan 530,5 MW opsteld fermogen yn wynenerzjy;
- * de wurkgroep “Fryslân foar de Wyn” in ynventarisaasje docht nei allinnich pleatsing fan wynmûnen op it grûngebiet fan Fryslân;
- * dizze wurkgroep foar in protte ûnrêst en lilken ûnder de befolking soarget;
- * de befolking yn opstân komt en hantekenings sammelet tsjin de wize wêrop dit proses fierd wurdt;
- * der ek yn ús gemeente in aksjegroep ûntstean is dy’t tsjin pleatsing fan wynmûnen is op it grûngebiet fan Ljouwerteradiel;
- * dizze aksjegroep yn Hijum, Feinsum en Alde Leie massaal hantekenings sammele hat tsjin ekstra wynmûnen yn harren omjouwing (sjoch bylage);

Ek yn berie nimmende dat

- a. de fossile enerzjyboarnen ierdgas en oalje op reitsje;
- b. it ferbaarnen fan fossile enerzjy as ierdgas en oalje grutte skea tabringt oan it leefmiljeu foar de minsken en de bisten;
- c. de ôfhinklikens fan enerzjy út it bûtenlân bedrigend is foar de ekonomy en de feiligens fan ús lân;

Konkludearjend dat

- d. ek Ljouwerteradiel in bydrage leverje moat oan it werom bringen fan it gebrûk fan fossile enerzjyboarnen;

Freget it Kolleezje

- e. yn gearwurking mei de buorgemeenten in plan te meitsjen foar it werom bringen fan it gebrûk fan fossile enerzjy yn ús gemeente;
- f. it inisjatyf te stypjen om de mûnen foar de yn Fryslân winske wynenerzjy te konsintrearjen by de Ofslútdyk lâns;
- g. stipe te jaan oan de plannen om fan de Ofslútdyk in grutte CO2 neutrale enerzjy produsint te meitsjen troch in kombinaasje fan
 - i. enerzjy fan wynmûnen
 - ii. enerzjy fan sinnepanielen
 - iii. enerzjy út de kombinaasje fan swiet en sâlt seewetter;

Sprekt út dat

- * gemeente Ljouwerteradiel gjin ekstra wynmûnen op har grûngebiet ta stiet, mar wol weroerwage as der draachflak is;
- * de ynwenners fan ús gemeente de mooglikheid krije te partisipearjen yn it úteinlik nij opstelde Provinsjale wynenerzjyfermogen;

En giet oer ta de oarder fan de dei.

Underskreaun op 3 july 2014 troch de fraksjes fan



Harm de Kroon
Fraksjefoarsitter PvdA



Sytse Brouwer
Fraksjefoarsitter CDA



Wiebe Ekas
Plk. fraksjefoarsitter GBL



Ljouwerteradiel

Folkert Dijkstra
Fraksjefoarsitter FNP



Jeroen Pot
Fraksjefoarsitter VVD

Unaniem aangenomen door de raad van de gemeente Leeuwarderadeel in de openbare vergadering van 3 juli 2014.

raadsvoorzitter,

Drs. J.R.A. Boertjens

raadsprezident

mr. G.J. Olthof

Bylage: Tabel Handtekeningen

Tabel:

Handtekeningen actie TEGEN de plannen voor MEGA windmolens in onze omgeving!!

LOCATIE	AANTAL HANDTEKENINGEN OPGEHAALD	PERCENTAGE
OUWE SYL & NYE SYL	390	96%
ALDE LEIE	177	89%
FINKUM	102	94%
HIJUM	195	82%

